

HET FRIESE VELD - NOCHT OAN PLANTEN, FÛGELS EN LÂNSKIP

Romke Kleefstra in gesprek met Douwe Taeke Engelbertus van der Ploeg

De initialen D.T.E. zijn een begrip in natuurminnend Fryslân. In dit interview maken we nader kennis met de man die er bij hoort. Eindelijk kennen we nu de volledige naam, maar er is nog veel meer.

Als jonge vogelaar neusde ik vroeger maar wat graag in het driedelige 'Vogels in Friesland', al was het alleen maar om al die 'onbekende' Friese vogelnamen. De drie delen prijken niet alleen bij ons thuis in de kast, maar ik wist de serie ook altijd weer te vinden bij familie en kennissen. Soms leek het wel of iedere huiskamer over Vogels in Friesland beschikte.

Douwe van der Ploeg, die volgend voorjaar tachtig hoopt te worden, was destijds de voorzitter van de Stichting Avifauna Friesland en is daarmee onlosmakelijk verbonden aan de boeken. Benieuwd of hij het ook niet eens tijd vindt voor een nieuwe avifauna en wat hij vindt van het hedendaagse natuuronderzoek, ontmoette ik een immer bewogen florist. Het gesprek vond plaats bij Van der Ploeg thuis te Sneek, waar ik in de huiskamer slechts enkele sporen trof van zijn natuurinteresse. Lafer bleek dat ik met mijn rug naar een grote kast vol flora's had gezeten.

Het is begin november, regenachtig en Fryslân is aan het bekomen van hoge waterstanden. Voor het gesprek aanvangt, reizen we af naar Gaustersyl, bij het Sneekermear, om even te genieten van ondergelopen zomerpolders en boezemlanden.

Van der Ploeg bewondert het natte landschap: "Wat is 't moai net? Eartiids stûn de hiele wrâld hjir ûnder wetter. Rûnom yn it Lege Midden stienen fjilden yn'e winter splis, om Aldeboarn hinne, oeral".

Rijdend over de Grienedyk snijdt hij aan hoezeer het weggetje op het gebied van planten is veranderd: "Ik ha hjir wol planten fûn sa as de Rûkende kaaiblom (Welriekende nachtorchis) en Goudoart (Goudhaver); echt fan dat spul fan'e klaaidykjes. Mar dizze berms binne sa tramtearre, deaspuite, in protte driuwrest derop as se dêr mei oanwienen, ophege mei stieneguod, dat der is net folle mear fan oer".

VOGELS IN FRIESLAND

Eenmaal terug in Sneek komt het gesprek vrijwel direkt op de driedelige uitgave 'Vogels in Friesland', verschenen in 1976, 1977 en 1979.



Romke Kleefstra en Douwe van der Ploeg yn petear

foto Dick Goslinga

"Sjoch, Gerrit 'fûgeltsje' Bosch waard âlder. Mannen as Han Westhof en Jaap de Vries fûnen dat dy feiten fan Bosch bewurke wurde moasten en dat we dat dan útwreidzje moasten ta in avifauna fan Fryslân. Der moast in stifting foar komme en in foarsitter dêrfan dy't in groep wol oan it wurk hâlde koe. Westhof koe my goed. Ik wie hjir direkteur fan'e Pedagogyske Akademy, dus as ik in ploech leararen oan it wurk hâlde koe, dan ek wol in ploech fûgelmannen, dy't alle kanten útfleane".

"Wy hawwe as ideaal hân en wy ha it ek besocht in ferfolch te meitsjen, mar der wienen te folle tûkelteammen, dat it is net slagge. It moast skematysker, mar it waard te grutskips opset en de nije opjeften rekken alle kanten út. It soe no mooglik fia SOVON moatte en/of it fûgelferbân fan de FFF".

ATLAS FAN DE FLOARA FAN FRYSLÂN

Ondanks dat Van der Ploeg veel bekendheid verwierf met Vogels in Friesland, is en blijft hij een florist. Evenals de Friese avifauna verscheen van Van der Ploeg in 1977 ook de 'Atlas fan de floara fan Fryslân'.

"Dat wie myn eigen projekt, wer't ik ek in protte help by hân ha fan Fré Rudolphy en Oeds Hoekstra. Jierren en jierren ha ik altyd gegevens en fynsten sammele en dat hat úteinlik resultearre yn it atlaske. Ik ha der in protte aardichheid oan hân, krekt sa as fan de stinzeplanten en it sammeljen fan de Fryske plantenammen, eartiids mei Douwe Franke. It hat goed wurk west dat we dy folksnammen sammelen, want dat woe de Fryske Akademy ek graach. Foaral it fêstlizzen fan al dy âlde folksnammen hat tige wichtich west, want in hiele protte fan dy nammen binne gewoan weiwurden. It is in aardich folsleine kolleksje wurden. Dy samling fan ús wurdt faak rieplachte by de gearstalling fan it nije grut Frysk wurdboek op'e Fryske Akademy".

FORTEINKRUIDEN

Van der Ploeg benadrukt tijdens het gesprek altijd een plantenman geweest te zijn. Voor het samenstellen van de Friese flora-atlas achtte hij het noodzakelijk alle in Fryslân voorkomende planten op naam te kunnen brengen. Zijn specialisaties zijn derhalve fonteinkruiden (bearzekerûden), zeggen en stinzenplanten. Vooral wat de fonteinkruiden betreft, mag Van der Ploeg de specialist van Nederland genoemd worden. Bij nieuwe vondsten wordt hij nog altijd ingeschakeld om de

kennen en jo moatte d'r altyd foar yn 'e sleat omskarrelje. De âldere floristen kamen net graach yn'e sleat; eartiids gongen jo de greiden yn en fûnen jo yn'e greppels de moaiste dingen. Mar dy greppels en dy planten binne d'r net mear, de berms binne ek folle minder moai tsjinwurdich, dus dan bedarje jo wol yn'e sleat".

VERANDERD LANDSCHAP EN NATUURONTWIKKELING

Van der Ploeg is een bescheiden man. Hij vindt het niet aan hem om te oordelen over het hedendaagse veldonderzoek. Ook wil hij niet te veel 'zeuren' over hoezeer het landschap veranderd is en wat daarmee aan natuur verloren is gegaan.

"Foar de oarloch kaam ik wolris yn 'e blaugerzen fan Eagmaryp, in prachtich moaie wrâld. As jo de blaugerzen hjoed de dei sjogge dan is dêr net folle fan oer. As it efkes kin moatte dêr buffergebieden omhinne komme, mar it herstellen fan blaugerslânfegetaasje is in heksetoer, hear. Eigentlik binne d'r mar in pear moaie stikjes blaugerslân mear en dat is it Unlân fan Jelsma, it Kobbelslân ek, mar foaral yn it Warkumer Nylân leit in moai stikje, omdat dêr ek de 'Toffels en skuon' (Harlekijnorchis) bloeit en dy sjogge jo hjirre nearne mear".

"Mei de hjoeddeiske natoerûntwikkeling komme d'r ek wol wer aardige dingen by, lyksa as sa'n Bouwepetgebied. It is allinnich net sa dat wannear je sa'n stik ôfplagge ha, dat it dan wer moaie natoer is; dêr gean jierren en jierren oerhinne. Mar sjoch, no binne se al bliid, en ik kin dêr ek wol in bytsje bliid mei wêze, at d'r inkele planten yn in lyts oantal, op in lyts hoekje wer werom komme. Victor Westhof sei, op in ekskursje yn'e súdwesthoeke, doe 't inkele jonge floristen op wat aardige fynsten dûkten, op'e seedyk: "De jeugd is met een beetje tevreden". Ik siz wolris tsjin Douwe Franke: "Eartiids gongen wy te plantesykjen om wat nijs te finen, mar no gean wy ergens hinne om te sjen 'stiet it d'r noch of net". By de fûgels sjoch ik ek folle mear herstel as by de planten. D'r binne in protte natoerûntwikkelingsprojekten geande, lykas by de Burgumermar en de Leyen, yn de Alde Feanen, de Burd en It Eilân by Grou, en dat wurdt ek wol wer wat. Wat de fûgels oangiet komt dêr in protte nijs, mar mei de planten giet dat

folle stadiger".

SAMENWERKING

Op het gebied van natuurbeheer en -onderzoek zou toch wel beter samen- gewerkt kunnen worden, is Van der Ploeg van mening. Als voorbeeld geeft hij dat het Lauwersmeer van Staatsbosbeheer is, maar wanneer je de weg oversteekt, sta je in de Bantpolder van Natuurmonumenten, terwijl even verderop, over de zeedijk de Peazemarlannen van It Fryske Gea liggen. Zo is het ook met de bosgebieden rondom Bakkeveen en met de verdeling van de Waddeneilanden.


"As se mear gearwurkje wolke, moatte se tige foarsichtich wêze dat de goodwill dy't It Fryske Gea yn Fryslân hat net ferspille wurdt. It Fryske Gea libbet yn Fryslân. It is echt in Fryske organisaasje dy't ek feeling hat mei de Fryske fjildminsk. Dat spant d'r by Staatsbos noch wolris om, mar it wurdt better".

Ook op het gebied van onderzoek is de samenwerking beter dan voorheen, maar het kan nog beter.

"De natoerstúdzjekant soe ek wol wat mear sintralisearre wurde kinne. Mei syn wurkferbannen soe de FFF dêr in tige wichtige rol yn spylje kinne, foaral as se ek kontakten lizze mei de natoerbeskermingskant en de lanlike organisaasjes as SOVON en FLORON. By FLORON komme de Fryske feiten teminsten op in sintraal plak telâne en binne se ek tagonklik. Ik fyn it in beswier, mar dat leit 'm oan myn âldens en histoarje, dat alles standardisearre en kompjûterisearre wurdt. It aventoer giet der dêrmei in bytsje ôf. Sa as SOVON ek wurket yn har publikaasjes, mei al dy grafyken, sprekt my net sa oan, foaral as de tekst foar trijekwart út grafiken bestiet". Provinciaal acht Van der Ploeg, overigens één der oprichters van de BFVW, tegenwoordig de 'tûkelteammen' niet al te groot. "BFVW en FFF leit ek noch net sa maklik. Dat smoarge aaisykjen, en ik siz 'smoarge', -ik ha jierren lang ferwoest aaisiker west- bliuwt in twistappel. Ik leau wol dat it better wurdt, want eltse- nien sjocht sa stadich oan ek wol dat it aaisykjen in ôfrinnende saak is".

PLANTENTEKENINGEN

Aan het einde van het gesprek bege-



Doorschijnend fonteinkruid *Potamogeton coloratus*

tekening Douwe van der Ploeg

plant op naam te brengen, als het gaat om twijfelgevallen. In 1990 kwam zijn boek 'De Nederlandse breedbladige fonteinkruiden', uitgegeven door de KNNV.

"Ik ha my dêr sa stadichoan op talein en ik ha dêr dan ek in soad fan sjoen, ek hybriden. De *Potamogeton coloratus* (Doorschijnend fonteinkruid) wie yn gjin hûndert jier mear fûn yn Nederlân. Se seinen dat dy der net mear wie, mar ik hope him noch ienris te finen. Dat is slagge, net yn Fryslân, mar op Tessel".

"Dy bearzekerûden ha altyd in bytsje bûten de belangstelling fan'e floristen stien. Se binne yn't earste plak min te

ven we ons naar de bovenverdieping, waar zich een heel archief heeft ontwikkeld in de loop van vele jaren. Van der Ploeg's herbarium is reeds overgedragen aan het Rijksherbarium te Leiden. Ik heb de eer te mogen genieten van de collectie van plantentekeningen, alle van de hand van Van der Ploeg.

"Ik tekene foarhinne ek, mar troch myn wurk ha't lange tiid net folle tekenje kinnen. Doe't ik it minder drok krige is de hobby útdijt. Ik wol einliks alle planten fan Fryslân en fan Nederlân tekene ha en einliks in lyts bytsje de hiele flora fan West-Europa. Fan Fryslân ha't praktysk alles wol tekene, it measte fan Nederlân ek wol, mar fierder sitte d'r in protte gatten yn".


De collectie tekeningen is imposant. Op mijn verzoek worden de tekeningen van de Dotterbloem tevoorschijn gehaald. Het pak, wat zo'n drie tot vier centimeter dik is, bevat prachtige overzichtstekeningen, maar vooral de de-

tailtekeningen van spinnen, knopen, bloeiwijzen en kiemplantjes zijn zeer de moeite waard. Het gaat Van der Ploeg dan ook om het vastleggen van verschillende aspecten en de speciale kenmerken van de plant. Bij de talloze tekeningen staan ook de plaatsen aangegeven waar de plant is getekend. Daar blijkt wel uit dat Van der Ploeg vele landen heeft bezocht om planten te vinden en te tekenen.

"Juster wie't noch op'e klaai. Doe seach ik in hiel fjild mei griene bollen, mei hiele giele túffen dêrop. Ik bin doe troch de wiete klaai hinne knoffele en ha in stronk meinaam. It wie 'broccolie' dy 't yn 'e bloei sketten wie. Dy sil ik no ek efkes tekenje".

Een dergelijke verzameling aan tekeningen, zo volledig en zo gedetailleerd moet een bestemming hebben:

"Sjoch, ik brûk se by publikaasjes, mar wat d'r fierder mei bart..... At se mar net by't âld papier komme".



Harlekijnorchis / Toffels en skuon

tekening Douwe van der Ploeg